

Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân
o.f. steatefraksje FNP
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 23 juny 2015
Ferstjoerd, **30 JUNI 2015**

Ús merkteken : 01224743
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : E. Duijff / (058) 292 51 94 of e.duijff@fryslan.nl
Jo merkteken : skriftlik fragen oer takomst Omrop Fryslân
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer takomst Omrop Fryslân

Achte mefrou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder oangeande de takomst fan Omrop Fryslân, ynkommen op 27 maaie 2015 en ynboekt ûnder nûmer 01220648, beântwurdzje wy as folget.

fraach 1

Binne jo op de hichte fan de plannen fan ROOS foar de takomst fan Omrop Fryslân per 1 jan 2017?

Antwurd fraach 1

Ja, wy binne op 'e hichte fan de ynhâld fan it rapport fan ROOS.

fraach 2

Hoe ferhâlde dizze plannen har neffens jo mei de jildende Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, it advys fan de 2e Kommisje Hoekstra oan de Minister en mei it nije Fryske koalysjeakkoart?

Antwurd fraach 2

Yn haadstik 4 fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer hawwe Ryk en provinsje ôfspraken makke oer in folsleine en brede Frysktalige programmearring op radio, televyzje en ynternet.

Yn paragraaf 5 fan it advysrapport *Tijdelijke commissie borging Friese taal in de media* (Hoekstra-2) stiet 'dat er een volwaardig programmapakket in het Fries beschikbaar moet

zijn' en fierder 'dat er rekening mee gehouden dient te worden dat voor de provincie Fryslân afwijkend beleid nodig is'.

Yn it rapport fan ROOS stiet: "de bysûndere ferantwurdlikens foar dat spesifike oanbod moat hânhâlden bliuwe op it nivo fan 2014. De besûnigingstaakstelling bedriget dat nivo en kin net yn it kollektyf opfongen wurde sadat de hjoeddeistige ryksmediabydrage, streekrjocht likegoed as fia de NOS, foar dat ekstra media-oanbod kontinuearre wurde moat. Dêrneist moat dizze bysûndere ferantwurdlikens ferankere wurde yn de nije Mediawet."

Yn ús koälysje-akkoart hawwe wy ferwurde dat Omrop Fryslân behâlden bliuwt as in selsstannige omrop. Hoewol't it rapport fan ROOS in advys is en noch net dúdlik is hoe't de oanbefellings fan ROOS oangeande Omrop Fryslân útwurke wurde sille, ferliest de Omrop wol syn selsstannigens as dit opfolge wurdt. Oangeande de relaasje mei de BFTK en it troch jo neamde advys wolle wy mei de steatssiktaris yn petear, wêrby't wy it Ryk hâlde wolle oan in goede útwurking fan de mei har sletten oerienkomst.

fraach 3

Trochkruse de plannen fan ROOS ek net de foarming fan in Frysk Mediasintrum?

Antwurd fraach 3

It liket ús ta dat de plannen fan ROOS de foarming fan in Frysk Mediasintrum net hoeve te trochkrusen. De besunigingen fan it Ryk foar de regionale stjoerders giet yn 2017 yn; oan de foarming fan it Frysk Mediasintrum wurdt op it stuit al wurke. It Sintrum soe op 1 july 2016 stal hawwe moatte.

fraach 4

Hokker mominten sjogge jo om Steatssekretaris Dekker en de Twadde Keamer noch op oare gedachten te bringen?

Antwurd fraach 4

Eardat it rapport fan ROOS yn de Twadde Keamer behandlede wurdt, (nei alle gedachten yn oktober of novimber fan dit jier), wolle wy fia de lobby de leden fan de Twadde Keamer ynformearje. Wat de steatssiktaris oangiet, ferwize wy nei ús antwurd op fraach 5 hjirûnder.

fraach 5

Wat sille jo no konkreet dwaan om selsstannigens en in spesjale posysje fan de Omrop binnen it mediabestel te berikken?

Antwurd fraach 5

It foech oer de mediawetjouwing, de ynrjochting fan it regionale mediabestel en de sizzenskip oer Omrop Fryslân leit by it Ryk. Dêrom wolle wy in ôfspraak mei de steatssiktaris meitsje en him yn in persoanlik oerlis wize op de spesjale posysje fan Omrop Fryslân sa't dy ek fêstlein is yn haadstik 4, Media, fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer (2013), op it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach Nasjonale Minderheden fan de Rie fan Europa dêr't ek yn stiet dat der genôch middels foar in folsleine en brede Frysktalige programmearring op radio, t.v. en ynternet beskikber steld wurde moatte troch it Ryk. Fierders wolle wy graach mei Provinsjale Steaten oparbeidzjen bliuwe, mar ek mei de oare organisaasjes dy't harren de bekroade hawwe oer it Frysk yn de

media. It mienskiplike lûd dat wy mei-elkoar hearre litte, hat de lêste jierren syn wearde bewiisd en dêr geane wy graach mei troch.

fraach 6

Hokker rol kinne de Fryske Steaten dêr yn spylje?

Antwurd fraach 6


De fraksjes yn de Provinsjale Steaten soenen harren partijen yn De Haach ynformearje kinne oer de spesjale posysje fan Omrop Fryslân en wat der oer de regionale omrop yn it advys fan ROOS skreaun wurdt.

Fierder sille wy Provinsjale Steaten aktyf op 'e hichte hâlde fan de gong fan saken. Sjoen de dynamyk fan dit dossier kin dit ynhâlde dat wy yn it tredde of fjirde fearnsjier dêroer in diskusje hawwe.

Wy geane derfan út dat wy jo hjirmei foldwaande ynformearre hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris